

# Stik fan W. Duba yn iepenloft Jorwert

Sa't al meidiel is, hawwe de lju, dy't it iepenloftspul yn it tún fan de Jorwerter notaris tarisse foar de kommende augustus-opfierungen W. Chr. Duba frege in stik to skriuwen. Fan wjerskanten frijbliuwend hie dizze Rotterdamske Fries de opdracht oannommen. Hy hat de forroune moannen drok oan it wurk west foar it stik, dat hy nou de kommisje oanbean en tofoaren lêzen hat.

Syn stik, dat er foarlopich de titel „Symfony yn grien majeur” jown hat, is der by de kommisje goed ynfallen. It is dúdlik foar de iepenloft skreaun, wylst hjoed en juster, réaliiteit en forbylding op geastige wize trochinoar frissele binne. Duba is foar it Frysk toaniel gjin frjemde. Ears't hat er yn Rotterdam en omkriten namme makke mei it skriuwen fan kabaretteksten, wylst er de lêste jierren yn Fryslân ek bikendheit krige hat as skriuwer fan „Ut 'e pas”, „Skroeiide flerken” en „Nij lân”.